Bijlage HAVO

2008

tijdvak 1

Fries 1 en Fries 1,2

Tekstboekje

800023-1-040b

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

Tekst 1

Gefaarlike folkloare

(1) De tredde sneon yn septimber wurdt op it Reaklif de Slach by Warns betocht. Alle jierren is ûnder de betinkers itselde geëamel wer te hearren. Oer it Frysk yn it ûnderwiis en by de oerheid, oer it minne Frysk fan Omrop Fryslân, oer de jongerein dy't it sitte lit, oer de 'beropsfriezen', meiwurkers fan de Afûk en de Fryske Akademy, dy't gjin hert ha foar de Fryske saak. De betinkers op it Reaklif sjonge al tsientallen jierren deselde kleisangen mei hyltyd wer nije details. Dy minsken fine it blykber moai om soks alle kearen wer tsjin elkoar te sizzen. Folkloare.

(2) Wie it mar inkeld folkloare. Dy minsken binne allegear lid of stiper fan organisaasjes fan 'e Fryske Beweging. Dy hawwe in doel: it bewarjen en fersterkjen fan 'e Fryske taal en kultuer. In pear hûnderttûzen minsken prate hjir dy taal en binne wiis mei dit hoekje wrâld. Se jouwe dat graach troch oan de takomst en uterje en diele dêrom in grut part fan har libbenswille en ynspiraasje yn dy taal. Dêr is de Fryske Beweging foar. Mar wat dogge dy Fryske bewegers?

(3) Nim no de Stifting Slach by Warns. Dy organisearret alle jierren in plechtige betinking fan 'e slach fan 1345, doe't in ynvaazjeleger ûnder Willem IV fan Hollân ferneatige waard. Dy slach joech Fryslân noch 150 jier selsstannigens en dat hat tige wichtich west foar ús hiele lettere skiednis en identiteit. De jongerein frege om in oarsoartige ynfolling fan de betinking nei tritich jier deselde liturgy. It bestjoer hold in enkête: 50 persint (âlderein) woe de betinking perfoarst sa hâlde, 50 persint (jongerein) woe ferbreding. It bestjoer joech de âlderein syn sin, en sa bliuwt de betinking fan de Slach by Warns in min besocht barren yn 'e marzje fan it Fryske belibjen.

(4) Dan it Kristlik Frysk Selskip (KFS). Dêr woe it bestjoer yn 2003 it roer ál omgoaie. It KFS wie doe noch in feriening mei in blêd, twa ledegearkomsten jiers mei in sprekker, en kriten. De leden stoaren der al jierren by wei, alle jild en enerzjy gong sitten yn it yn stân hâlden fan de feriening, it oarspronklike doel kaam neat fan op 'e hispel. Dêrom it foarstel: blêd en gearkomsten ôfskaffe, elk jier ien of twa projekten útfiere. De leden kamen manmachtich (fyftich) om dêroer te kedizen. It plan waard ûngenedich de grûn yn boarre. Arguminten: wy hawwe rjocht op ús blêd en ús gearkomsten, en it is sa noflik om âlde maten tsjin te kommen. Foarstel fersmiten. Doe't it bestjoer de linten dellei, waarden de plannen lykwols noch oannommen, mar it hie net folle skeeld of it KFS wie yn deselde marzje bedarre as de Slach by Warns.

(5) En sa kom ik op de Ried fan de Fryske Beweging, fanâlds de koepel fan alle organisaasjes dy't harsels bewust Frysk neame. Dêr is al jierren neat mear fan oer: inkeld waard der in brief skreaun, en fierders foaral socht om kandidaten foar de erflike fakatueres. Dat waard yn april 2005 sels it hantsjefol minsken dat noch kaam, te mâl. It unanime boadskip wie: oar belied! In ploech jonge en minder jonge bewegers waard frege om foarstellen. Doe't dy foarstellen letter presintearre waarden, feroare der wat by de sittende leden fan de Ried. Hja hiene unanym roppen om ferbreding en fernijing. Mar it foarstel om gjin beslútfoarmjende gearkomsten mear te hâlden – gjin poadium foar neatsizzende útspraken te wêzen – gjin

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

pretinsjes te hawwen mar aksjes te fieren, kaam net iens oan stimming ta.
(6) De konklúzje? Binnen de Fryske Beweging is in lyts groepke minsken dat him oeral sjen en benammen hearre lit. Hja kinne gjin grutte prestaasjes sjen litte op it mêd fan 'e befoardering fan it Frysk. De groepen dy't werklik wat dogge foar de Fryske taal en kultuer, te witten de jongerein en de berops-friezen, wurde troch har mei de nekke oansjoen of slimmer. Harren doel is net mear it foarúthelpen fan it Frysk, harren doel is it yn stân hâlden fan de eigen folkloare. Ik soe gjin bettere manier witte om it Frysk de nekke om te draaien.

Nei: Liuwe Westra, Gefaarlike folkloare, Leeuwarder Courant, 22 septimber 2006

Tekst 2

Kânsen genôch foar toerisme yn Fryslân

(1) Foar Fryslân foarsjoch ik op it mêd fan toerisme in gouden takomst. Dizze provinsje is yn steat om gasten út de rânestêd de ûnthaasting en de autentikens te bieden dy't hja hyltyd mear sykje. Foaral as tsjinhinger fan it fertier op oare plakken dat hielendal yn 'e greep fan 'e kommersje bedarre is. De mooglikheden om yn kontakt te kommen mei de natoer, belutsen te wurden by streekeigen tradysjes en mei te dwaan oan sportive rekreaasje binne sterke troeven, dy't ek in soad bewenners fan de buorlannen oansprekke. Mei it karakteristike lânskip, de marren en de alve stêden biedt dizze provinsje syn gasten in unike ûnderfining.
(2) Soargen meitsje ik my oer it lânskip. De kearnwearde fan it toeristysk produkt sit dochs foaral yn de kwaliteit fan it lânskip. It is de belibbingsromte dêr't toeristen ûnthaaste, rekreëare en fan de natoer genietsje.
(3) Troch feroarings yn it agrarysk gebrûk stiet de ekologyske kwaliteit fan it boerelânskip ûnder druk en op in soad plakken is it oansjen, wylst it wol oars kinnen hie, skeind troch bouwurken. Dy steane faak op it ferkearde plak of passe arsjitektoanysk op gjin inkele wize yn it lânskip. De kassebou yn it iepen gea is der in foarbyld fan. Dêr moat de provinsje foar oppasse. Behâld fan de toeristyske wearde, ek op langere termyn, fan it unike Fryske lânskip freget om tige sekuere ôfweagings.

Nei: Guido van Woerkom, Kansen genoeg voor toerisme in Friesland, Leeuwarder Courant, 17 oktober 2006

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

Tekst 3

Grut, grutter, grutst

(1) Hy arriveart op Schiphol en wurdt mei in zeppelin de Iselmar oerbrocht. Goed en wol oankommen yn 'e provinsje hoecht er net by alle alve stêden del om it ultime Fryslân-gefoel te ûnderfinen. Nee, de toerist fan de takomst wurdt ôfset by in keunstmjittige stêd dêr't er de hiele fakânsje net mear út hoecht. Binnen de grêften fynt er alles wat Frysk is: The Frisian Heritage Celebration.

(2) Foar sa'n neiboude stêd yn tradisjonele styl is sa'n 800 hektare nedich. As gemeenten de grûn fergees beskikber stelle, dogge ynvestearders de rest, sa is de fêste oertsjûging fan Hans van Driem fan it Nederlands Bureau voor Toerisme en Congressen. Hy rûst de oanliskosten fan de 'leisure valley' of 'ferdivedaasjefallei', dêr't bygelyks it hiele jier troch reedriden wurde kin, op rûchwei ien miljard euro.

(3) Sa'n tritich rekreäasjedeskundigen kamen yn 'e hjerst fan 2006 byinoar op de pleats fan kommissaris fan 'e keningin Ed Nijpels om te praten oer de takomst fan it toerisme yn Fryslân. Der waarden flinke stappen foarút set. It wurd 'skaalfergrutting' rûn as in reade trie troch de diskusje. Grut, grutter, grutst.

(4) Der kamen plannen foarby foar wetterparken, 'resorts', 'verwencentra' en in 'funplaza' foar de jongerein. It moat foaral spannend wêze. "Ynstee fan mear frije tiid ha we allinne mar mear ferplichtings krigen. Dêrom easkje wy in maksimale 'beleefopbrengst': wy wolle yn in koart skoftke tiid safolle mooglik belibje. It leafst wolle wy alle dagen wat meimeitsje. In dei net lake, is in dei net libbe", sa seit futurolooch en petearlieder Wim de Ridder.

(5) It foarbyld fan in rekreäasjeûndernimmer dy't de saken grut oanpakt, is Hennie van der Most. De Oeriselske miljonêr is neffens eigen sizzen fuortjage út Fryslân. Hy hie plannen foar in 'lawaaifabryk' mei attraksjes as in kartbaan, dragracing, motorcross, wetterskye, abseile, kanofarre op wyld wetter, in klimmuorre en bungee-jumpe.

(6) Frjemd genôch fynt regiodirekteur Eric Wanders fan Staatsbosbeheer dat der yn Fryslân bêst plak is foar grutskalige projekten as in lawaaifabryk. "Ik ha gjin idee heard dat hjir net kinne soe. Fryslân hat in soad romte. Moat alles natoer wêze? Nee. It fernuvert my krekt dat hjir gjin ferdivedaasjepark is. Nei alle gedachten komt dat om't de Friezen dêr tsjinoan skytskoarje."

Nei: José Hulsing, Friesland heeft spannende nieuwe plek nodig, Leeuwarder Courant, 18 oktober 2006

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

Tekst 4

De weromgong fan de greidefûgelstân

1 It giet net goed mei de greidefûgels yn Nederlân. Fryslân is dêryn net in útsûndering. De lêste desennia is it tal briedgefallen flink weromgien.Yn de eagen fan fjildminsken wurdt de greidefûgelstân foaral bedrige troch predatoaren. De foks en de swarte krie wurde faak oanwiisd as de grutste kweadoggers.

2 Saakkundigen dy't sykje nei in ferklearring foar de dramatyske efterútgong, komme meastentiids ta de konklúzje dat der twa haadoarsaken binne: 1. De yntinsivearring fan de lânbou, dêr't de briedbiotoop (flink) minder geskikt troch wurden is. 2. Ferlies fan briedbiotoop as gefolch fan útwreiding fan stêden, doarpen en it wegenet. Mar der is ek in oare oarsaak, en krekt dy is neffens in protte fjildminsken it grutste kwea: predaasje![1)] Mar komt dat natoerlik ferskynsel yn ús greiden sa sterk foar dat de greidefûgelstân der serieus troch bedrige wurdt? Om dêr wat dúdlikheid oer te krijen hat in tal ynstânsjes in ûndersyk dwaan litten. Tûzenen aktive frijwilligers en boeren hawwe dêroan meiwurke. De nêsten mei aaien waarden dêrta tige krekt yn de gaten hâlden. Dêrby waard û.o. gebrûk makke fan kamera's en saneamde temperatuerloggers; en dat allegearre ûnder saakkundich tafersjoch. Uteinlik resultearde it ûndersyk yn de ferskining fan it rapport 'Predatie bij weidevogels', mei as subtitel 'Op zoek naar de mogelijke effecten van predatie op de weidevogelstand'.

3 De diskusje oer de predaasje fan greidefûgels leit gefoelich. Alteast yn Fryslân, want mear as yn oare provinsjes jout dy diskusje hyltyd wer argewaasje. Yn rûnten fan aaisikers en jagers wurdt sterk pleite foar in drastyske oanpak fan predatoaren. Dy binne yn har eagen de wichtichste bedriging foar greidefûgels. Sy wize dêrby hyltyd twa kweadoggers oan: de foks en de swarte krie. De earste soe benammen op piken út wêze en de oare op aaien. Wannear't op dy beide soarten yntinsyf jacht makke wurdt, dan sil it persintaazje greidefûgels dat troch predaasje om it libben komt, sa wurdt oer it algemien tocht, flink weromgean.

4 Feit is dat de foks en de swarte krie bêst wol in aai en in pyk meie, mar is har honger nei dat lekkers fataal foar de greidefûgelstân? It rapport is dêr dúdlik oer: nee! It oandiel fan de swarte krie yn de predaasje is sels opfallend leech te neamen. Fierder die út it ûndersyk bliken dat de aaien fan greidefûgels foaral troch sûchdieren en de piken benammen troch fûgels predeard wurde. Wat de nêsten mei aaien oanbelanget giet it om de harmeling en de foks dy't de aaien opfrette. Mar ek murd, stikelbaarch, hûn en stienmurd binne as predator trappeard. Fan de neamde sûchdieren is allinne fan de harmeling mei wissichheid fêststeld dat dy ek regelmjittich in pyk opfret. Yn dy sin soe men dat bist dus sjen kinne as de grutste bedriger fan de greidefûgels. De piken waarden dêrneist ek pakt troch û.o. de mûzefalk, de ielreager en foar in lyts part troch de swarte krie. De gearstallers fan it rapport komme ta de konklúzje dat de reputaasje fan de swarte krie as grutte rôver fan aaien en piken fan greidefûgels, yn in gruttere gearhing besjoen, net op feiten baseard is. De saak leit der wat komplisearder hinne by de foks. It oandiel fan Rein de foks yn de totale predaasje fan piken

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

leit mar op in pear prosint, mar hy moat wierskynlik wol sjoen wurde as de grutste rôver fan aaien. Troch de kamera's is hy as sadanich it meast sjoen. De ûndersikers jouwe wol oan dat de kameragebieten net represintatyf binne. Opfallend is dat der yn de gebieten, dêr't de foks en harmeling beide foarkomme, hast gjin sprake is fan predaasje troch de harmeling. Neffens de ûndersikers komt dat trochdat de foks in natoerlike fijân fan de harmeling is. It liket lykwols net ûnlogysk dat de ferûnderstelde grutste predatoaren, de swarte krie en de foks, wol wat rehabilitaasje fertsjinje (de earste mear as de twadde).

5 Mar hoe sit it no mei de totale predaasje? As men alles by inoar optelt, wat foar gefolgen hat dat dan foar de greidefûgelstân? It rapport wiist út dat fan alle nêsten per briedseizoen by de skries mar leafst 60% fersteurd wurdt troch predaasje en by de ljip is dat persintaazje sels 75%. De ferhâlding weirekke aaien/piken komt by de skries del op respektyflik 35%/65% en by de ljip op 50%/50%. Dat binne sifers dy't der net om lige en dêr't men net omhinne kin.

6 As ien fan de wichtichste oarsaken foar de taname neamt it ûndersyksrapport dat guon predatoaren foarhinne yn it greidelânskip net foarkamen. Mar troch in werynrjochting dêrfan waard foar har de biotoop oantreklik. De foks en de mûzefalk wurde yn dat ferbân neamd. De oanlis fan beamsingels en boskjes en sa, meastentiids yn it ramt fan ruilferkavelings, binne geunstich foar dy soarten.

7 Saakkundigen en fjildminsken reageare elk op har eigen manier op it rapport. Neffens saakkundigen is de omfang fan de skea oan de greidefûgelstân troch nije predatoaren net sa bot tanommen dat dy predatoaren dêrom ferfolge wurde moatte.

8 De aaisikers en jagers fine dat de tanommen predaasje wol deeglik bedriigjend is foar it fuortbestean fan greidefûgels. Yn ús lân binne der gjin grutte oaniensletten gebieten dêr't de natoer harsels yn lykwicht hâldt. Eins hawwe wy gjin echte natoer mear, mar kultuernatoer. Dêr't gjin echte natoer is, kin gjin sprake wêze fan natoerlik lykwicht. Der is gauris in jager dy't dat gegeven brûkt om de jacht op predatoaren te rjochtfeardigjen.

9 De gearstallers fan it ûndersyksrapport neame úteinlik 'in pear oanknopingspunten om fierder belied en behear te ûntwikkeljen'. Mar konkreet binne dy foarstellen net. Yn it koart komt it der op del dat per gebiet besjoen wurde moat wat de bêste oanpak is. Yn Fryslân is it net ûntinkber dat jagers dêrby in dominante rol spylje sille. De diskusje sil dêroer foarearst noch wol oanhâlde en miskien sels noch wol tanimme.

Nei in artikel fan Harrie Ernst yn It Fryske Gea, nûmer 2/2006

noot 1 predaasje = ferskynsel dat guon bisten oare bisten deameitsje en opfrette

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.